

E-mail DFS: swalinga.baard@hetnet.nl
Yinternet: www.friesdammen.nl
Webmaster: Jesse Jan Boschma en Sjoerd Teake Kooistra
st.kooistra@hotmail.com

Damklups:

- ◆ **“Nocht&Kriich”** Aldegea-W., F.Groenveld, Riperwei 6,
8623 XH De Jutryp 0515 - 424517
groenveldf@hotmail.com
- ◆ **“De Skyfkes”** Blauhús, L. Altena, Arkumerleane 4,
8764 PP Dedgum, 0515 - 579011
jantsje.leo@kpnmail.nl
- ◆ **“Stryk Op”** De Gaastmar, S.Attema, Hellingpaed 26,
8611 JR De Gaastmar, 0515 - 469704
shattema@hotmail.com
- ◆ **“Hallum”** Harmen van der Meer, Jipperdastrjitte 13,
9074 GB Hallum, 0518 - 431003
harmenvandermeer@hotmail.com
- ◆ **“Hartwert e.o.”** Klaas Abma. Kloosterweg 12,
8741 KB Hartwert. 0515 - 569747
damkluphartwert@live.nl
- ◆ **“De Rûge Wolf”** Lollum, L.Westra, Waaksenserwei 2,
8823 SX Lollum, 0517 - 469245
liuwe.westra@mensa.nl
- ◆ **“O.K.K.” Jorwert** S.Dijk, Sluytermanwei 12-14,
9023 AB Jorwert, 058 - 2519992
siebrendyk@gmail.com
- ◆ **“De Stadige Strikers”** Skearnegoutum, Bauke Bos, Heemstrastrjitte 20,
8521 KH Sint Nyk 0513 - 432782
baukebos@home.nl

Freoneklup:

Dammers om utens en oaren dy't by it Frysk Damjen belutsen wêze wolle,
kinne lid wurde fan de Freoneklup.

It ledejild is € 15,-, foar lju út it bûtelân € 20,-.

Men hat it rjocht om oan alle wedstriden diel te nimmen en kriget it Bûnsblêd.

OER ALLES FERSKYNT TRIJE KEAR YN 'T JIER
ÚTBROCHT TROCH IT DAMBÛN FRYSK SPUL

36 ste jiergong

nûmer 1

novimber 2014

Einredaksje: Alie Cnossen en Folkert Groenveld

Alie Cnossen, Hoytemadyk 16, 8614 AR ALDEGEA SWF
Till. 06 – 24 62 89 86 mail: aliecnossen84@hotmail.com

Folkert Groenveld, Riperwei 6, 8623 XD DE JUTRYP
Till. 0515 – 42 45 17 mail: groenveldf@hotmail.com

Lêzersjild: fergees foar leden fan it Dambûn Frysk Spul.
€ 17,50 foar oaren (ynkl. porto)

Betelling en administraasje:

Piet Sikma, Kleasterwei 16, 8741 KB Hartwert
Rabobank nûmer 34.95.02.072 as Postbank nûmer 2280300 ûnder
fermelding fan: Bûnsblêd + jiergong

It Dambûn Frysk Spul is oprjochte yn 1932. Elts jier organisearret it
Dambûn ferskate persoanlike kampioenskippen yn ferskate klassen en
as ien fan de hichtepunten yn it seizoen, de klupkampioenskippen yn
Easterein op de twadde as tredde sneon fan jannewaris.

Bestjoer:

- Foarsitter: Siebe Walinga, Hagenadyk 218614 AC Aldegea SWF
swalinga.baard@hetnet.nl 0515-469642
- Skriuwer: Siebren Dyk, Sluytermanwei 12-14 9023 AB Jorwert.
siebrendyk@gmail.nl 058-2519992
- Ponghâlder: Piet Sikma, Kleasterwei 16, 8741 KB Hartwert.
p.sikma@hetnet.nl 0515-569561
- Algemen: Fakant
- Jongerein: Fakant



Dambûn Frysk Spul

[ferzje 22-10-2014]

DATUM	LOCATIE	OVERIGE	
freed 24 oktober	Sânfurd, 13 ^e 'Iepen Kampioenskip fan Sânfurd', Switsersk systeem, 6 omlopen	kampearbuorkerij Ykema oanfang 20.00 oere, opjaan foarôf net nedich, wol mooglik by Folkert Groenveld 0515-424517	z
tiisdei 4 en 11 novimber	Jorwert, Iepen Kampioenskip fan Littenseradiel Elk kin meidwaan. ¾ oere op de klok.	Opjaan by Willem Dijkstra 06-28655441; oanfang 19.30 oere	z
sneon 15 novimber	Bûnswedstryd jeugd, pupillen en junioren Aldegea	oanfang 13.30; opjaan by Liuwe Westra	
freed 21 novimber	Jorwert. Mini-klup-fluch-dam-kampioenskippen foar fjouwertallen. 15 minuten op de klok	Opjaan foar 21.00 op woansdei 19 novimber by W.Dijkstra 06-28655441. Kafee 'Wapen van Baarderadeel'; oanfang 19.30	
tiisdei 25 novimber	Aldereinpartij yn it Teatskehûs 55+ Oanfang 14.00	Opjaan by Piet Sikma foar moandei 24 novimber 19.00 0515-569561	
freed 28 novimber	Rûge Wolf "it Rûge Boerd" Stryk ta party 40 minuten op 'e klok. Oanfang 20.00, efter de gereformeerde tsjerke	Opjaan bij Marten Walinga martenwalinga@hotmail.com till. 0634561133	z
freed 12 desimber	Skearnegoutum, it Swettehûs, 19.00 oere: 'stryk ta' wedstryd	Opjaan tongersdei 11 des. 19.30-21.00 by Y.Boelens 0518-415795 of via meel twilling@kpnplanet.nl	z
sneon 20 desimber	Foarronde pers. kampioenskip jeugd en pupillen Lollum	oanfang 13.30 oere opjaan Liuwe Westra liuwe.westra@mensa.nl	
sneon 27 desimber	Kampioenskippen Hoofd A plus 1e-2e-3e klasse en frouluskampioenskippen	Opjaan foar 25 desimber by Siebe Walinga info@siebewalinga.nl Oanfang 10.00 doarps hûs it joo	
sneon 3 jannewaris	Hartwert 'It Terphûs' Oanfang 10.00	opj. by Klaas Abma 0515-569747 damclubhartwert@live.nl	z
sneon 10 jannewaris	Easterein klupkampioenskippen Kafee Bergsma, 9.30 oere	opj. foar 3 jan. by Siebe Walinga info@siebewalinga.nl	
freed 30 jannewaris	Blauhûs 'stryk ta'-wedstryd Oanfang 19.00 yn Klubhûs Sie Sa	Opj. tongersdei 22-01 fan 19.00 – 21.00 by B. Kroon 06-22684264 of b.h.kroon@hotmail.com	z

sneon 24 jannewaris	Klupkampioenskip jeugd en pupillen Blauhûs Sie Sa	oanfang 13.30 oere opjaan Liuwe Westra liuwe.westra@mensa.nl	
sneon 7 febrewaris	earste en twadde ronde Persoanlike Kampioenskippen	Wommels [ynformaasje folget noch]	
tiisdei 10 febrewaris	trede ronde Pers. Kamp Jorwert	Wapen van Baarderadeel 058-2159223 Oanfang 19.30	
sneon 14 febrewaris	fjirde en fyfde ronde Pers. Kamp.	Oanfang 10.00 Hartwerd It Terphûs	
sneon 21 febrewaris	Finale pers. kampioenskippen	Oanfang 10.00 de Gaastmar doarpshûs	Z
sneon 28 febrewaris	Foarronde pers. kampioenskip jeugd en pupillen	Oanfang 13.30 ynformaasje by Liuwe Westra	
freed 13 maart	Fluchdamkampioenskip neffens Switsersk systeem	Opjaan net nedich oanfang: 19.30 it Terphûs Hartwerd	z
sneon 7 maart	Finale jeugd en pupillen, 13.30	Yn kluphûs Siesa te Blauhûs Ynformaasje Liuwe Westra	
tiisdei 14 april	Aldereinparty yn Blauhûs Teatskehûs	opjaan by Piet Sikma till. 0515-569561	

Ha jo noch fragen? Belje Siebe Walinga 0515-469642)
of meel voorzitter@friesdammen.nl

Opjaan wedstriden jeugd, junioaren en pupillen by Liuwe Westra
Till. 0517-469245 of liuwe.westra@mensa.nl

**Z : docht mei foar de Zilwo Beker
sjoch ek op www.friesdammen.nl**

**Fryske dam-app gratis te downloaden via de app-store of sjoch op
www.friesdammen.nl linkje nei de app-store.**

Eltsenien in protte damwille!!



DAMBÛN OP WEI NEI OARE BESTJOERSSTRUKTUER

Op woansdei 12 novimber hat der yn Aldegea in ekstra bûnsgearkomste west fan it Dambûn Frysk Spul. De oanlieding lei yn it probleem dat it al mear as in jier lang net slagge is om nije bestjoersleden te finen as opfolgers fan Johannes Hoekstra en Jappie de Jong, dy't reglemintêr al yn oktober 2013 ôfgien binne. It bestjoer fan it DFS hat no nei in mooglike oplossing socht, dy't it graach oan 'e klups foarlizze woe. It bestjoer hat nei it middel fan dizze ekstra bûnsgearkomste grypt omdat it mei de útstellen net wachtsje woe oant de reguliere bûnsgearkomste fan takom' jier oktober. De foarsitter en de ponghâlder binne dan ôfgeand, en it soe net goed wêze om in dan hast folslein nij bestjoer mei de problematyk op te skyppen. Boppedat wol it bestjoer leafst ek sa gau mooglik mei de útstelde nije struktuer oan 'e slach.

It bûnsbestjoer bestiet tradysjoneel út fiif persoanen, mar dat binne der dus no yn 'e praktyk mar trije mear. Op 'e jiergearkomste op 10 oktober yn Hartwert is troch ferskillende lju suggerearre om mear mei kommisjes te wurkjen. It bestjoer hat dat yn him omgean litten, en wol yndied graach op dy wei fierder.

Sadwaande waard no it útstel dien om it bestjoer ek offysjeel yn te kringen fan fiif nei trije man. Neffens de statuten kin dat. Dy hoege dus net perfoarst feroare te wurden, en dat hat as foardiel dat dêr net allegearre drokte en kosten efterwei komme. Boppedat, as de feroaring net statutêr fêstlein wurdt, dan soe it bûn op in stuit dat dêr ferlet fan is ek wer like maklik nei fiif persoanen weromgean kinne.

Omdat de taken fan it bestjoer der fansels wol bliuwe, waard dêrom tagelyk útsteld om in part dêrfan te ferskoven nei kommisjes. It bestean fan dat fenomeen is oars binnen it DFS ek net alhiel nij. Men soe de redaksje fan 'e Oer Alles beskôgje kinne as in kommisje, en allyksa de mannen dy't de webside op 'e noed hawwe. Boppedat is mei yngong fan dit jier de jeugdhammerij yn hannen fan Liuwe Westra. Dêr soe eins ek noch ien by moatte. Sa soe men ek tinke kinne oan in kommisje dy't de klupkampioenskippen organisearret, en oan ien dy't mei de persoanlike kampioenskippen rêdt.

It bestjoer seach ek graach dat der in kommisje "Ynternasjonaal" ynsteld waard. Dêrfoar binne yn alle gefallen Marten Walinga en Liuwe Westra frege, omdat dy op dat mêd al in soad kontakten en know-how opdien hawwe. De mannen hawwe yn prinsipe tasein, mar der soene yn dy kommisje noch al ien of mear persoanen by moatte. Sa'n kommisje soe dan eventueel ek noch oare eveneminten as inkeld in wrâldkampioenskip 2018 op priemmen sette kinne. Dat is ek it doel dan 'e troch Walinga en Westra yn it libben roppen stifting WFD. Dy stifting is frege om lid te wurden fan it Dambûn Frysk Spul, en

hat dy útnoeging ek oanfurdige. Wol is it sa dat de stifting syn eigen selsstannigens hâldt. Dat is in stifting eigen, mar boppedat kin en wol it dambûn ek net de finansjele risiko's rinne dy't mei de aktiviteiten fan 'e stifting anneks binne.

Eltse kommisje soe ien fan 'e trije bestjoersleden fan it DFS as kontaktpersoan hawwe moatte. Boppedat is it goed om in soarte fan evaluaasjemomint te hawwen om te sjen oft alles in bytsje knap rint. Soks soe oan 'e ein fan it seizoen organisearre wurde kinne.

De gearkomste fûn it ynstellen fan kommisjes in goed idee. Mear dammers yn kommisjes kinne soargje foar mear binning mei it wurk fan it dambûn. It is boppedat grif ek makliker om minsken te finen foar in konkrete put as foar it mear abstrakte bestjoerswurk. Yn dat ferbân waard der op oanstien om foaral ek mei heldere taakomskriuwings te wurkjen. It bestjoer fan it DFS sil no oan 'e slach om ien en oar fierder út te wurkjen. Jim hearre der yn 'e takomst mear fan!

Ut namme fan it bestjoer fan it DFS,
Siebren Dyk
(skriuwer)



KEES TIJSSSEN? WER JORWERTER DAMKAMPIOEN!

By de Jorwerter damklup OKK kinne je der mei in gerêst hert in weddenskip op ôfslute, want útsoarte wurdt Kees Tijssen wer klupkampioen. De man sels is de iennichste dy't seit dat syn bêste tiid west hat. Mar nimmen leaut him. Hy krimmenearret wol wakker oer kwaal dit en kwaal dat, en dat is allegearre grif ek wier, mar damjen dogge jo no ienris mei de holle, en mei Kees syn kop liket noch net folle mis. Wol jammerje dat er drege stannen net mear trochrekkenje kin, mar op it boerd blykt dêr dus hielendal neat fan. Kees wint nammentlik alles. Teminsten, hast alles. Mar ien kear moast er dit jier de eare oan Rinze Schukken oerlitte. En dus gong de kampioensbeker op 'en nij nei Reduzum.

En dus hat Schukken it stokje dus noch altyd net fan Kees Tijssen oernimme kind. Yn tsjinstelling ta de úteinlike kampioen breidet de Hilaarder noch wol ris in aventoerke yn syn spul, en soks wol ek wolris ferkeard útpakke. Sa ferlear er dit jier bygelyks fan twaddeklasser Jan Nauta út Bitgummole. Harry Kaspers einige yn 'e heechste klasse op it tredde plak. Harry hat bêst damme, mar tsjin de beide boppesten kin er net noch op, en dit jier siet der ek gjin ferrassinkje by. Oare jierren is Harry oars meast sa'n bytsje like sterk as Siebren Dyk, mar mei dat figuer wie it dit jier alhiel nacht yn 'e nane. De man bakte der werklik hielendal neat fan. In weropfiedingskamp foar dammers mei it strangste rezjym, miskien kin it dan noch wat mei dy skowende hakkenkruk wurde.

Yn 'e twadde klasse wie der in hiele dúdlike kampioen: Jan Nauta. De Bitgummoolster, dy't eins pas serieuus begûn is te damjen neidat er mei pinsjoen gien is, leart der noch alle jierren by, ek al omdat er trou alle damtoernoaien ôfrint. En dat docht dus fertuten! Bonne Hylkema, en ek Weidumer Fokke Looijenga, koene dit jier lang net mear tsjin him op. Om fan it Boarnsterhimster fenomeen Bareld Siksma mar te swijen. Hoewol, swije? Dat is dus wat dat Bareld perfoarst net kin. As er it wol koe, dan helle er miskien ek wol bettere resultaten. Mar fierders gjin kwea wurd oer Bareld Siksma, want klupsponsors moatte yn eare holden wurde.

En dan hat OKK ek noch in tredde klasse, alhiel beset troch Jorwerters. Dêr dûkte dit jier wol in hiele oangename ferrassing op yn de persoan fan Gertjan van Kamp. Hy kaam ôfrûne hjerst as nij lid op 'e klup, sûnder ea it Fryske damspul beoefene te hawwen. En dan is it wol ferrekte knap om fuortdaliks mar even tsien punten te pakken en dêrmei twadde te wurden yn 'e tredde groep. Dêrmei blykt Jorwert samar in natuertalint riker te wêzen! Gertjan koe dit jier noch net hielendal op tsjin de langere ûnderfining fan Marten Visser, mar dat liket inkeld in kwestje fan tiid. Yn dizze klasse foel Mathieu van den Bogaard wat ôf, mar miskien kaam dat ek wol omdat oaren better begjinne te damjen. Mathieu lit it der oars net by sitte, hy skynt sneintemiddeis al in hiel treningsprogramma mei Gertjan van Kamp ôf te wikkelfen, dat it wachtsjen is no op 'e definitive kombek (= come back). En Wiebe Bakker?

Dy wie dus ek nij, en hat dit jier brûkt om ris rêstich om him hinne te sjen. Takom' jier slacht dy sûnder mis ta. Dat wurdt net iens in kombek, dat wurdt gewoan in hiele grutte kom.

Nettsjinsteande dat der dus gjin spanning bestie oer wa't kampioen wurde soe, hat OKK dit jier likegoed wol wer in moaie ynterne kompetysje spile. Hiel spitich wie wol dat twa leden yn 'e rin fan it seisoen troch langduorjende sykten útfoelen. Dat wiene Jan de Jong út Ljouwert, al syn hiele lange libben maratonrinder, en ek Meindert van Berkum, de bekende skieppeboer út Feinsum. Sport- en natuerminskten, ek sy binne net ûnkwetsber.

Einstannen earste klasse:

Kees Tijssen	16
Rinze Schukken	11
Harry Kaspers	6
Siebre Dyk	2

Twadde klasse:

Jan Nauta	15
Fokke Looijenga	9,5
Bonne Hylkema	9,5
Bareld Siksma	4

Tredde klasse:

Martin Visser	12,5
Gertjan van Kamp	10
Mathieu vd Bogaard	7,5
Jacob Keuning	4
Wiebe Bakker	2

(Siebre Dyk)



SJOERD COUPERUS STERKSTE FETERAAN

Oan it 55plus-toernoai, dat op tiisdei 15 april yn Blauhús ferspille is, diene 16 dammers mei. Eins wiene it 15. Hennie de Haan fertsjintwurdige nammentlik it froulike elemint, en sy is dus earder in damster as in dammer. Hawar, de 16 oanwêzigen hawwe sa oan 'e ein fan it seizoen noch even geweldig striid levere, en der in prachtige dammiddei fan makke.

Mei 16 dielnimmers koene der moai fjouwer groepen makke wurde. De earste groep, mei de op papier sterkste dammers, waard wûn troch Sjoerd Couperus. Knap wurk foar in man dy't de leeftiid fan 55 al hiel lang en breed efter him litten hat! Couperus fersloech syn mei-Snitsers Sjoerd Jan Bakker en Augustinus van der Goot, en dat binne dochs wier gjin lytse jonges op damgebiet. Allinnich tsjin Cor Kooistra moast er in remize tastean. Mar Cor koe tsjin de oaren gjin potten brekke. Tsjin Bakker waard it noch kamp, en dat wie net genôch foar in oranjeboek.

Yn 'e twadde en tredde groep wie it wat in nuver spultsje. Sjouke Schilstra en Beke Haanstra bakten der dêr neat fan, en de rest helle allegearre twa oerwinnings. Dat betsjutte dat der foar de einstannen lotte wurde moast. Dat wie yn 'e fjirde groep net nedich: Gaastmarder Klaas van der Goot wie dêr mei trije oerwinnings oppermachtich. En Hennie de Haan bleau hjir gelokkich net sûnder punten.

Nei ôfrin joegen de dielnimmers oan dat se graach troch wolle mei it 55plus-damjen. De opset - twa kear yn it jier yn it gastfrije Teatskehûs - foldocht skoan. En de ferneamde oranjeboekken fan 'e Blauhúster bakker falle der altyd wol yn.

Einstannen groep ien:

Sjoerd Couperus 2,5 punten
Sjoerd Jan Bakker 1,5
Cor Kooistra 1
Augustinus van der Goot 1

Groep twa:

Bauke Dijkstra 2
Sjouke de Boer 2
Gerrit Schilstra 2
Sjouke Schilstra 0

Groep trije:

Piet Sikma 2
Rients Wynia 2
Klaas Wiersma 2
Beke Haanstra 0

Groep fjouwer:

Klaas van der Goot 3
Jan Nauta 2
Hennie de Haan 1
Sietse Sieswerda 0

Ût it boek fan Luuk van Beek oer Lijkele Miedema fan Winsum. Hy wie yn de jierren 50 en 60 in grut promotor foar it Frysk damjen Winsum.

Dammen Fries Spel

Het is een bijzondere en eeuwenoude variant van het damspel: het Fries dammen. Lijkele Miedema beoefende deze denksport al op relatief jonge leeftijd op 'subtopniveau'. Ook als organisator en stimulator was hij in het Dammen Fries Spel actief.

DAMMEN.

WEDSTRIJD TE WINSUM.

Voor den damwedstrijd te Winsum bestond flinke belangstelling. Voor de hoofdklasse hadden zich 6, voor de 1e klasse 8, voor de 2e klasse 7 en voor de 3e klasse 10 spelers opgegeven. De uitslag luidt als volgt:

Hoofdklasse. 1e prijs S. J. Tichelaar te Parrega; 2e S. Visser te Beers; 3e Jan van Dijk te Bolsward.

Eerste klasse. 1e prijs L. Miedema te Winsum; 2e J. Kuperus te Tzum; 3e W. Schukking te Hijaard.

Tweede klasse. 1e prijs M. Kuperus te Tzum; 2e P. Palma te Dronrijp; 3e O. Nicolai te Beard.

Derde klasse. 1e prijs J. Kuperus te Tzum. Om den tweeden en derden prijs moesten nog spelen de heeren K. Douma en D. Bokma te Dronrijp.

Leeuwarder Courant, 16 januari 1937

Fries dammen wijkt op één cruciaal punt af van het 'Pools dammen', de 'gewone' damsport zoals die wereldwijd wordt beoefend. Is het in die sport regel dat alle bewegingen (zetten en slaan) diagonaal plaatsvinden, bij het Fries dammen wordt diagonaal gezet, maar zowel diagonaal als horizontaal en vertikaal geslagen. Oer Alles (over

alles) wordt deze versie van het damspel dan ook wel genoemd. Door deze spelregel is Fries dammen een heel ander spel dan het gewone dammen: beoefenaars achten Fries dammen vele malen gecompliceerder.

De Friese variant wordt vanouds vooral in en rond de Friese Greidhoek gespeeld: ruwweg westelijk van de lijn Workum—Sneek—Grou—Kollum. Het Fries dammen is oud: uit 1725 zijn al beschrijvingen bekend van deze spelvariant.

In de negentiende en het begin van de twintigste eeuw werden in de regio veelvuldig wedstrijden met aantrekkelijke hoofdprijzen georganiseerd door caféhouders, die dankzij zulke damtoernooien behoorlijk aanloop hadden.

In 1932 kreeg het Fries dammen een eigen organisatie: in dat jaar werd de Dambond Friesch Spel opgericht. Lijkele Miedema werd al snel na de oprichting lid van deze dambond: zijn archief bevat een 'algemeene mededeling aan de damspelers' over de wedstrijden in het seizoen 1935-1936. In de tweede helft van de jaren dertig was hij eveneens betrokken bij de oprichting van de plaatselijke damclub in Winsum: in 1938 was hij hiervan voorzitter. Ondertussen speelde hij niet onverdienstelijk: in de jaren dertig deed hij mee in de eerste klasse (en dat was de categorie onder de 'Hoofdklasse').



Bij leven en welzijn

FABRIKANT EN Ondernemer

Lijkele Miedema
1905-1974

Luuk van der Veen

Hoevel Lijkele Miedema bleef dammen – in de bezettingstijd en in de jaren daarna speelde hij menigmaal wedstrijden – zorgden de groeiende drukte in gezin en bedrijf ervoor dat hij in de jaren vijftig minder actief werd op wedstrijd- en organisatorisch niveau.

Zijn betrokkenheid bij het Fries dammen herleefde echter in het begin van de jaren zestig. Toen in 1961 door een aantal enthousiaste spelers in de Friese hoofdstad de 'Damclub Frysk-spul Ljouwert' werd opgericht, trad Lijkele Miedema als 'algemeen adjunct' toe tot het bestuur.

Ook in Winsum werd het Fries dammen in die periode weer nieuw leven in geblazen: nadat het dorp enige tijd niet op de wedstrijdkalender van de Dambond was voorgekomen, werd vanaf 1965 gedurende een aantal jaren de eerste wedstrijd van het winterseizoen in Winsum gespeeld: het was de 'Miedema partij'. Miedema's landbouwwerktuigenfabriek stelde de kantine (als wedstrijdruimte) en de prijzen ervoor beschikbaar en leverde ook hiermee een bijdrage aan het behoud en de promotie van deze denksport als Fries cultureel erfgoed.

Miedema WSA	Miedema Miedema	WSA	Miedema
32-27	14-20	39-34	14-20
31-26	17+37	34-30	20+40
37-31	11-17	45x34	13-19
41x32	7-11	34-30	19-23
47-41	1-7	33x13	3x23
42-37	19-24	43-33	7-11
48-42	10x19	33-38	20x43
34+14	25x34	48x39	9-14
35-30	5x14	39-34	17-21
39x10	15-20	26+17	16x18
44-39	20-24	49-43	18-23
40+34	18-23	37-31	11-16
50-44	17x24	43-38	16-21
22-23	23x32	31x16	6x17
38x27	24-30	36-31	17-22
34x25	19-21	30-24	23x25
25x23	17-21	38-33	17-19
26x17	16x47	31-26	22-27
46x48	12-17	26x28	19-24
31-26	11-16	34x14	4x24
27-22	17x28		
23-33	37-31		
39x28	7-12		
28-22	12+32		
21x33	8-12		
41-37	12-17		
44-39	2-7		

Partij Tichelaar - L. Miedema
1 gespeeld op Dec. 31
L. Miedema

Op 27 december 1937 speelde Lijkele Miedema te Parrega tegen de kampioensdammer S.J. Tichelaar uit die plaats. Dit is Miedema's annotatie van het verloop van die partij.

OFSLÚTING DAMJIER 2013-2014 FAN DE DAMKLUP HARTWERT

Op moandei 7 april hawwe de dammers fan de damklup Hartwert e.o. it damjier 2013-2014 ôfsletten. Dizze slotjûn wie oars as oars. Twa dammers dy't der altyd wiene, wiene der net mear. Germ Terpstra en Stoffel Bouma, beide topdammers fan de klup, kamen yn it damjier te ferstjêren.

Der waard dizze jûn foaral neipraat oer it damjier en oer it gemis fan Germ en Stoffel.

Mar der waarden dizze jûn ek in pear spultsjes damt. Krekt as oare jierren wiene by it fluchdamjen in pear droege woarsten te winnen, oanbean troch in boer fan de Kleasterwei. Fierders waarden op dizze jûn de prizen útrikt fan de kompetysje en de nei-kompetysje.

De útslaggen fan de kompetysje:

Haadklasse A

1. Teake Kooistra	26 punten uit 13 partijen
2. Tjerk Wijbenga	17
3. Hein de Vries	14
4. Fedde Wiersma	13

Haadklasse B

1. Klaas Abma	20 punten uit 15 partijen
2. Sjouke de Boer	19
3. Harmen Westra	18 (12)
4. Germ Bruinsma	15
5. Jan Bouma	12
6. Jesse Jan Boschma	11 (14)

1e klas

1. Auke Boschma	16 punten uit 15 partijen
2. Klaas Wiersma	13½
3. Ygram Wijbenga	11½
4. Ids Boersma	10½
5. Piet Sikma	9
6. Douwe Namminga	5½ (14)

2e klas

1. Herman Terwisga van Scheltinga	17½ punten uit 12 partijen
2. Siebe Elzinga	10

Klaas Oosterhof en Anne de Boer binne net yn de stân opnaam; hja hiene te min partijen spile. Skriuwer Klaas Abma spilet yn it damjier 2014-2015 foar it earst yn de haadklasse A fan de damklup Hartwert.



De priiswinners by de damklup Hartwert.

Boppeste rige:

Auke Boschma, Klaas Abma, Klaas Wiersma en Sjouke de Boer.

Underste rige:

Hermen TvS, Tjerk Wijbenga, Teake Kooistra en Siebe Elzinga.

Der wiene yn it damjier 2013-2014 ek hichtepunten: Teake Kooistra waard foar de 16^e kear kampioen fan Fryslân en de damklup wie foar de 30^e kear de sterkste fan Fryslân.

(Fedde Wiersma)

DAMJIER 2013-2014 'NOCHT&KRIICH'

De dagen lengje en it oere is der wer by kommen. Dan is it damjier foarby. We eidzje it nochris oer. Tiisdeitejûns damde it jonge folkje harren ûnderlinge kompetysje. Oan it lêst ta wie it spannend. Marten wûn noch al in spul fan Hedser, mar kaam krekt te koart foar de titel.

Op de slotjûn waarden de prizen útrikt en wie der noch in traktaasje foar de hongerige wolven. De útslach fan de kompetysje mei de winstperzentaasjes



1.	Hedser Stegenga	18 - 13	72,2 %
2.	Marten Stegenga	14 - 10	71,4 %
3.	Hiele Johs. Walinga	13 - 8,5	65,4 %
4.	Michiel Osinga	8 - 4	50 %
5.	Lieuwe Osinga	15 - 6,5	43,3 %
6.	Ygram Jeen Koopmans	15 - 5	33,3 %
7.	Sjirk Osinga	15 - 2	13,3%

It jonge folkje haffelt der lekker yn om.



'Ome Suardus' makket it banket compleet.

Op de foto Lieuwe Osinga, Ygram Jeen Koopmans, Hiele Johannes Walinga, Marten Stegenga, trainer Henk Haanstra, Michiel Osinga, foar oan Sjirk Osinga en Hedser Stegenga.



Moandeitejûns is de âlderein yn aksje. We damje dan de wintermoannen, fan oktober oant begjin april yn twa klassen. Yn de twadde klasse binne de jonge talinten Fokke Walinga en Lammert Stegenga entûsjaste dammers. Se strike hiel wat spullen. Lammert hat der dit winterskoft 31 en Fokke 29 spile. En harren tsjinstanters kinne der mar goed foar sitten gear. At in dammer no ris in moandeitejûn net kin, is der neat oan de hân. Oan de ein fan it damjier wurde alle spullen optelt en wurdt it winstperzentaasje útrekkene. Winner fan de twadde klasse waard sa Sybold de Jong. Hy rûn der fier út. Durk Rypma waard twads, krekt foar Beke Haanstra

Sybold de Jong is wiis mei de priis yn de Twadde Klasse.

Yn de wikselbeker komt syn namme derby. Der steane al hiel wat yn. Nocht&Kriich is oprjochte yn 1938.

It damjier 2013-2014 hat foar Nocht&Kriich en harren leden moaie dingen brocht.

Yn novimber waard it earste fjouwertal Frysk kampioen by de miniklupkampioenskippen. It Joo wie op freedtejûn 7 maart feroare yn in damarena. Mei in live-útstjoering fan Omrop Fryslân en kommentaar fan Klaas Jansma wie it in geweldige jûn. Folkert Groenveld pakte de kampioenspriis en mei ein april dêrom meidwaan yn it grutmester-toernooi te Frjentsjer. By it grutte klupkampioenskip wie der in twadde plak foar it earste achttal. It twadde achttal wie fierwei de sterkste yn de tredde groep en promovearret. Fan ús klup waard der ek damd foar persoanlike titels. Yn de Kampioensklasse helle Folkert Groenveld it fjirde plak en Henk Haanstra it seisde plak. Sy meie oar jier wer besykje Frysk kampioen te wurden. Siebe Walinga koe it krekt net risse en damt *Folkert Groenveld mei de prizen oar jier yn de 'twadde acht'.*





Dêryn koe Willem Hoekstra him hanthave en oar jier sil ek Sjoerd Couperus yn dy klasse útkomme troch in twadde plak yn de 'trede acht'. Rein Jan Walinga helle al 3 punten yn de 'trede acht', mar moast lykswols degradearje. Dan wie der noch in twadde plak foar Johannes Hoekstra yn de Earste Klasse en Lammert Stegenga helle it trede plak yn de Tredde Klasse. En ek by de jongerein wurdt der striden om de Fryske titels. Hiele Johannes Walinga waard twads by de pupillen. By de junioren wienen der prizen foar Lammert Stegenga (2-e), *Sjoerd Couperus waard twads* Fokke Walinga (3-e) en Marten Stegenga (5-e). Dan noch de útslaggen fan de kompetysje yn de Earste Klasse. It like der lang op dat de 'âld foks' Sjoerd Couperus

mei de priis nei Snits gean soe. Mar yn de allerlêste partij gie it foar him noch mis tsjin Folkert Groenveld, dy't sa kampioen waard. Treds waard Siebe Walinga.

Dan wie der noch omtinken foar twa trouwe leden. Yn 1949 is Gerrit Schilstra lid wurden fan Nocht&Kriich. De âld-Sânfurder is lange tiid fanút Allingawier nei de klup kommen en de lêste jierren fanút Boalsert. Schilstra is o' sa'n tûke dammer en kin der hiel lang wat ynbreidzje. Beke Haanstra is al 60 jier lid en hat de dam-genen fan syn heit krigen en ek wer trochjûn oan Henk. Op de slotjûn waard harren trou lidmaatskip mei in oantinken betocht.




Gerrit Schilstra en Beke Haanstra, 65 en 60 jier trou lid

DAMJEN SÂNFURD

Aldegeasters winne de karbonades

Yn de kantine fan kampearbuorkerij Ykema wie op freed 24 oktober de ynset it 13-e kampioenskip fan Sânfurd en in heale baarch oan karbonades. It measte fleis bedarre by de Aldegeasters. Sy wûnen de measte prizen, De wichtichste wie foar Henk Haanstra. Alle seis omlopen wûn er en is dus de nije kampioen. Folkert Groenveld en Willem Schaap gienen troch de klok en Jelle Wiersma waard nei in flaterke yn it middenspul dellein. Der waard troch de 32 dielnimmers fûleindich damd en hast gjin inkeld spul waard kamp. Willem Hoekstra, ek al fan Aldegea, wûn it yn de twadde groep. Sterk wie it damjen fan Sjouke Attema fan De Gaastmar mei in 10-e plak op de einlist. Sommige dammers wienen al wat huverich om it tsjin Beke Haanstra op te nimmen. Hy wie krekt werom fan in trip nei Súd-Afrika en guon woenen ha dat er dêr wat skipe hie. Thúsdammer Murk Nijdam fan Wommels makke yndruk mei moaie kombinaasjes en de winst yn de tredde klasse. Dat gie ûnder mear sa. It is al hiel âlde teory fan Jurjen Tolsma. Guon dammers rûnen der op kop en earen yn.

1.35-30 Dit is in set dy't eins net mear spile wurdt. Mar as der net safolle tinktiid is kin it swart raar by de boksen ynsige. 1. ...20-25 fansels. 2.40-35 14-20 In set dy't gau spile wurdt. Nei 2. ...18-22 soe wyt it wol dreech krije. Mar no hellet wyt út en skrikt de swart-spiler.



3.45-40! 25x45 4.30-25! 15x35 5.33-28! 35x22 6.36-31 45x34
7.44x15 5x25 8.31-26 16x27 8.32x5 En dan stiet der samar in grouwe daam.

De útslaggen, mei tusken heakjes de stân op de einlist:

Eareklasse-I

- 1.Henk Haanstra, Aldegea-SWF(1.)
- 2.Jelle Wiersma, Wommels(2.)
- 3.Folkert Groenveld, Jutryp(5)

Eareklasse-II

- 1.Willem Hoekstra, Aldegea-SWF(2.)
- 2.Fedde Wiersma, Easterein(4.)
- 3.Bauke Dijkstra, Tynje(6.)

Haadklasse A

- 1.ReinJan Walinga, Aldegea-SWF(11.)
- 2.Marcel Altena, Blauhús(14.)
- 3.Bernard Kroon, Blauhús(15.)

Earste Klasse

- 1.Sjouke Attema, De Gaastmar(10.)
- 2.Herman Terwisscha van Scheltinga, Nijlân(12.)
- 3.Johannes Hoekstra, Aldegea-SWF(16.)

Twadde Klasse

- 1.Beke Haanstra, Aldegea-SWF(20.)
- 2.Jan Nauta, Bitgummole(24.)
- 3.Sietse de Jong, Aldegea-SWF(30.)

Tredde Klasse-I

- 1.Jolke Groenveld, Sânfurd(22.)
- 2.Lammert Stegenga, Aldegea-SWF(26.)
- 3.Fokke Walinga, Aldegea-SWF(27.)

Tredde Klasse-II


- 1.Murk Nijdam, Wommels(25.)
- 2.Klaas Weerstra, Sânfurd(28.)
- 3.GertJan van der Kamp, Jorwert(29.)



PARTIJSTÂNTSJE UT WOMMELS

Yn Wommels binne se fanôf it begjin fan dit jier ek oan it damjen. It is noch mar ien kear yn'e moanne mar de dammers haw der wol nocht oan. Inkele dammers litte hun al sjen op ferskillende wedstriiden mei wikselend sukses. Der binne dammers die hielendal nei starte moatte mar der binne ek in pear dy yn'e jeugd al wat kunde opdien ha.

Dat Frysk damjen noch lestich weze kin lit it folgende stântsje wol sjen. It is al knap dat se safier kommen binne.




Swart hat in daam strutsen op plak 48. Yn stee dat wyt it direkt út makket fia 40-35, 48*30, 35*13 wol wyt syn skiiven feredigje en spilet 25-30. Mei 4-10 hat swart dan wer it bettere spul. Swart spilet 20-25 en wyt makket it moai kamp fia 30-2, 48*50, 2*45.

It drege foar de beginners is toch de manier fan slaan. En as der dan ek noch dammen yn it spul binne is it hielendal dreech. It is moai om te sjen dat de dammers sa entousiast binne en dat se in protte wille ha.

PARTIJANALYSE 1 UT SKEARNEGOUTUM

Cor Kooistra en Bauke Dijkstra spylje elk seizoen wol in pear kear tsjin elkoar. Is it net op de klup dan is it wol op de kampioenskippen.

Disse kear troffen se elkoar op de klup. Cor mei wyt en it waard in prachtig spul. 1.32-27 19-24 2.33-28 20-25 3.27-21 16*29 4.39*30 disse iepening wurd de lêste jierren faker spyle. Mei 18-22 hat swart noch in lyts grapkje as wyt 38-32 spilet. Swart komt dan foar fia 15-20, 35*24, 22-28, 32*23, 13*35, 45*25, 14*45 4. ... 17-21




5.31-27 21*32 6.38*27 12-17 7.36-31 17-21 11-16 leit mear foar de hân. 8.27*16 06*26

Cor kin nei de âfruil (sjoch diagram) moai op plak 6 komme.

9.31-27 26*28 10.30-24 25*23 11.34-29 28*30 12.35*22 18*27 13.37*06 13-19 14.40-34 08-13 15.06*08 09*07 16.34-30 07-11 en Cor hat it bettere fan it spul.


17.44-40 03-09 18.40-35 13-18 19.43-38 11-16 20.38-32 01-06 21.41-36 18-22 22.32*12 02*22 23.42-37 15-20 24.30-25 16-21

Nei de 24e set fan swart stiet it as folgt.




Cor stiet der prachtig op en liket op wei nei de winst.

25.37-32 22*42 26.48*37 09-13 27.37-31 21*41 28.46*37 13-18 29.37-32 06-11 30.49-44 11-17 31.44-40 10-15 32.47-42 disse set leit net foar de hân. Omheech âfruilje liket sterk, ek al kin swart dan oerders âfruilje. Swart syn linkerhoek stiet fest. 32. ... 19-23 33.40-34 14-19 34.25*14 04*44 35.50*39 It sit soms mar yn de lytse dingen. 45*43 is better omdat skiif 43 no ek nei de linkerflugel fan wyt kin.



Sjoch diagram.

35.. ... 23-29 ? werom net earst 17-22
 36.39-34 29*40 37.35*44 Cor giet tebek.
 Foarut ferhindert 19-23 fanwege 34-29,
 23*34, 35*33 en dan fia 42-38 en 33-28
 achter skiif 18 krûpe. 37. ... 19-23 38.36-
 31 17-22 39.32*12 18*07 40.31-27 15-20
 41.45-40 23-29 42.27-22 05-10 43.42-37
 29-33 44.40-34 33*35 45.37-31 20-24
 46.31-27 24-29 47.27-21 29-33 48.21-16
 33-38 49.22-18 38-42 50.18-12 07*18
 51.16-11 42-48 52.11-07



Sjoch diagram.

No liket Bauke de partij nei syn hân te
 setten. Earst skiif 44 mar efkes opite.

52. ... 48-42 en dit is no krekt de
 ûntsnapping foar Cor.

53.44-40 ! 35*44 54.07-01 44-50 55.01*05
 en Bauke makket it direkt kamp.

18-22 helpt ek neat fanwege 1-45 en swart
 kin net foarkomme dat it yn elts gefal 2
 houten slagts en dermei wurd it ek kamp.

Op de 52e set hie Bauke better 35-40,


44*35 of de daam nei 37 spylje kinnen. It is dan noch net direkt wûn mar hat in
 grutte kâns.

In moai spul mei wikselende winstkânsen.



PARTIJSTÂNTSJES 2 UT SKEARNEGOUTUM

It 1e stântsje is út de partij fan Jacob Wietse Visser (wyt) en Dicky van der Meer (swart). Jacob Wietse hat in oantal jierren net mear damt mar is wer fan de partij.




It ferrin fan de partij wie as folgt.

1.39-33 15-20 2.50-44 om it slachsetsje 22-27, 16*18, 33-28, 18*38, 44-39, 38*40, 45*... mooglik te meitsjen. Mar Dicky hat dit wol yn'e gaten. 2. ... 20-25 3.44-39 Jacob Wietse stiet net goed. 3. ... 2-7 4.22-17 16*18 5.27-21 19-24 ? Hjir makket Dicky in flaterke. Fia 8-12, 21-16, 12-17 hat swart gjin goeie set mear. Ek 33-28, 18*40, 16*20, 30*10, 45*34 sil neat opleverje fanwege 25-30, 34*25, 10-14 en wyt wint. 6. 33-28 18*40 7. 45*14 30-34 8.14-10 34-40 en it liket op kamp ut

te draaien. Mar troch tiidneed moat Dicky ek noch belies jaan.

It twadde stântsje is út de partij fan Willem Schaap (wyt) en Ype Boelens (swart).



Ype is oan set hat it bettere spul tsjin Willem. Ype spilet it foar de hân lizzende 1. ... 12-17. Mar hy jouwt Willem hjir in moaie kâns fia. 2. 27-22 17*28 3.43-38 28*48 4.46-41 ! 48*31 5.41*12 Ype is net direkt fan de skrik bekommen en spilet 5. ... 4-9 ? en goait no hielendal syn glêzen yn. 6.12-7 6*8 7.26*6 en Willem wint. Op de 5e set hy Ype natuerlik 24-30, 35*24, 14*34 Willem kin dan noch steeds 12-7 6*8 7.26*6 spylje mar Ype hat noch kâns op kamp. Yn de stân hie Ype eins 11-17 spylje

moatten. 37-31, 17*37, 31*42 leit foar de hân mar Ype hat it bettere fan it spul.

De partij is net direkt winnend mar Ype hie in ein kommen. Jo moatte skerp bliuwe tot oan it ein fan de partij !

FOEKE TIEMENSMA KAMPIOEN LITTENSERADIEL

It lepen Kampioenskip fan Littenseradiel, ferspille op 'e tiisdeitejûnen 4 en 11 novimber yn Jorwert, is wûn troch Foeke Tiemensma fan Frjentsjer. Hy wûn alle fjouwer partijen, en dan binne jo de terjochte winner. Twadde en tredde waarden Jelle Wiersma (Wommels) en Willem Dykstra (Jorwert), ex aequo mei 3 punten en ek noch ris in lyk SB-totaal. Yn 'e twadde groep gong de Hilaarder Rinze Schukken mei de beker nei hûs, en Jan de Jong wie de grutske winner fan 'e tredde groep.

De basis fan Tiemensma syn triomf waard lein yn 'e twadde omloop. Hy moast it doe opnimme tsjin Jelle Wiersma, neidat beide spilers yn harren earste partij al in punt efter har namme skreaun hiene, tsjin respektiflik Willem Hoekstra en Fedde Wiersma. Nei in sprankeljende partij luts Tiemensma oan 'e langste ein, en gong dus al as koprinder de twadde jûn yn. Doe moast er earst tsjin Bauke Dijkstra (De Tynje), dy't wat ferrassend ek syn beide earste partijen efter syn namme skreaun hie. Bauke hie tsjin Foeke lykwols gjin kâns, en soe nammers syn twadde partij fan dy jûn, tsjin Jelle Wiersma, ek ferlieze.

Yn 'e heechste groep sieten njoggen dielnimmers dy't har spoaren yn 'e trije achten fan it persoanlik kampioenskip de lêste jierren al wol fertsjinne hoene. It wie dan ek in grutte ferrassing dat nûmer tsien, de Jorwerter Willem Dykstra, úteinliks dield twadde waard. Trochdat er syn wurk yn Utert hat, stiet Willem syn aktyf damjen al jierren op in hiel leech pitsje. Hy moast der ek wer wat ynkomme, want syn earste partij ferlear er tsjin Waaksenser Marten Walinga. Mar dêrnei fersloech er Fedde Wiersma (Easterein), klupgenoat Kees Tijssen (Reduzum) en Folkert Groenveld (De Jutryp). En dan te betinken dat Dykstra ek noch noed stie foar de organisaasje fan it toernoai, dat er berêde sûnder help fan in kompjûter. It is dêr nammers yn Jorwert noch it eale hantwurk dat foar master opslacht. Sa binne de klokken der ek noch gewoan analoach.

Yn 'e twadde groep, dy't bestie út seis dammers dy't op promovendus Douwe Namminga (Winsum) nei allegearre lid wiene fan it Jorwerter OKK, wie Rinze Schukken út Hilaard de dúdlike favoryt. Hy makke dy rol ek folslein wier. Wat ta syn eigen ferrassing waard Siebren Dyk hjir twadde. Dat kaam foaral omdat er yn 'e earste omloop Harry Kaspers fersloech. Kaspers koe oars wol grutsk wêze, want hy skeau de iennichste remize fan it toernoai, tsjin Douwe Namminga, op syn namme.

Jan de Jong fan Ljouwert wûn yn 'e tredde groep al syn partijen, en mocht dus mei in doaze mei in grutte fariëteit oan fleisguod wer nei hûs ta. Fokke Looijenga út Weidum, op damgebiet de deeglikheid yn eigen persoan, pikte de twadde priis yn. Yn dizze klasse mochten mar leafst trije húsdammers begroete wurde. De Wommelsers Murk Nijdam en Pieter Breeuwsma krije oars yn har wenplak damles fan doarpsgenoat Jelle Wiersma, en woene no wol ris

sjen oft se yn 'e echte damwrâld al in bytsje meikomme kinne. Foar Breeuwsma foel dat ôf, mar Nijdam kaam wol moai op twa punten út. De oare húsdammer wie Emke Dykstra, de nije Jorwerter kroechbaas, dy't der op it lêste momint byskuord waard om op in even tal dielnimmers út te kommen. En dat smiet úteinliks ek in punt op.

De einstannen wiene as folget (SB-punten tusken heakjes):

A-klasse

Foeke Tiemensma (Frjentsjer)	4 punten
Jelle Wiersma (Wommels)	3 (13,5)
Willem Dykstra (Jorwert)	3 (13,5)
Bauke Dijkstra (De Tynje)	2
Marten Walinga (Waaksens)	2
Kees Tijssen (Reduzum)	2
Folkert Groenveld (De Jutryp)	2
Fedde Wiersma (Easterein)	1
Sjoerd Couperus (Snits)	1
Willem Hoekstra (Aldegea)	0

B-klasse

Rinze Schukken (Hilaard)	4
Siebren Dyk (Jorwert)	3
Jan Nauta (Bitgummole)	2
Harry Kaspers (Jorwert)	1,5
Douwe Namminga (Winsum)	1,5
Bonne Hylkema (Jorwert)	0

C-klasse

Jan de Jong (Ljouwert)	4
Fokke Looijenga (Weidum)	3
Murk Nijdam (Wommels)	2
Gertjan van Kamp (Jorwert)	2
Emke Dykstra (Jorwert)	1
Pieter Breeuwsma (Wommels)	0

(Siebren Dyk)

